

Earnewâld, 24 maaie 2025

Achte leden fan de gemeenterieden fan de gemeenten Leeuwarden, Smallingerland en Tytsjerksteradiel,

Graach wolle wy as leden fan it Overleg Orgaan Nationaal Park De Alde Feanen jim op 'e hichte bringe fan ús grutte soargen oer de foarnommen swiere besuniging fan circa 24 miljoen euro op de nasjonale parken troch it Kabinet yn de 'Voorjaarsnota' en de 'suppletoire begroting'.

Sûnt ferline jier is der nei jierren fan tarieding in nij Beleidsprogramma Nationale Parken foar de jierren 2024-2030 opsteld. De nasjonale parken hawwe it ynisjatyf naam om ambysjes en doelstellingen te formulearjen, partnerskippen oan te gean en ko-finansiering te regeljen. Dit wiene betingsten fan de Ryksoerheid om stipe te jaan oan it Beleidsprogramma. Dêrfoar is úteinlik op 14 april fan dit jier(!) in manifest tekene. Neist it ministearje fan LVVN en alle nasjonale parken is it troch in tige brede groep gearwurkjende organisaasjes ûndertekene: ANWB, Boerennatuur, Fed. Part. Grondbezit, HISWA-RECRON, IVN, Landschappen NL, LTO Nederland, Natuurnetwerk Gemeenten, Natuurmonumenten, Ned. Bureau voor Toerisme en Congressen, Staatsbosbeheer, Samenwerkingsverband Nationale Parken, Interprovinciaal Overleg. In pear wiken letter liket de hântekening fan de Ryksoerheid net folle wurdich. Neffens ús gean je sa net mei elkoar om.

As dizze besuniging trochset jout dat in grutte ferskraling, it betsjut ûnder oaren:

- in streek troch de útfiering fan it niis neamde wichtige Beleidsprogramma Nationale Parken sa as bettere sprieding besikers sadat der minder druk komt op kwetsbere gebieten, duorsum toerisme, fersterking natoer en lânskip
- it stopsetten fan de funksje 'coordinator educatie en communicatie' fan it IVN en dus minder aktiviteiten foar rekreanten en toeristen budget
- it organisearjen fan in soad frijwilligerswurk kin lêstich oerein hâlden wurde
- de sosjale wearde fan it park nimt ôf lyk as de ferbining mei de doarpen en stêden om de parken hinne, de netwerken fan omwenners en ûndernimmers en oandacht foar de natoer en kultuerhistoarje
- de ekonomyske wearde sil warskynlik in stik minder wurde: út it ûndersyk oer it ekonomysk effekt fan nasjonale parken fan Ecorys fan ferline jier blykt, dat de nasjonale parken mar leafst 70 miljoen euro opbringe

Sjoch foar mear eftergrûn it webstek fan it Samenwerkingsverband Nationale Parken:

www.nationaleparken.nl

Der binne troch in soad lanlike partners réaksjes stjoerd nei de Twadde Keamer. Wy binne der ek tige mei ynnommen dat de provinsjes via it IPO dúdlik harren beswieren kenber makke hawwe: sjoch webstek www.ipo.nl Wy wolle jim as gemeenterieden, mar ek as yndividuele leden, oproppe om op hokker wize dan ek (via VFG, VNG of streekrjocht) mei te helpen en jim ynfloed oan te wenden om dizze besunigings fan tafel te krijen en sa jim hurd te meitsjen foar de weardefolle nasjonale parken, wêrûnder ús prachtige NP De Alde Feanen, dêr't wy meiinoar sa grutsk op wêze meie.

Alfêst tige tank foar jo oandacht en mooglike ynset!

leden Overleg Orgaan Nationaal Park De Alde Feanen,



